LEEUWARDER COURANT
20 februari 2013, pag. 18

Wach wêze

It Orakel fan Pieter de Groot yn 'Dwers' ferline freed wie mei in 'Grutte Pierslach' de spiker op syn kop. In warskôging dy't de Friezen har oanlûke moatte. Wy ha faaks fierst te gau de ûnderdienige yn-stek achter gelearde minsken - ek noch mei it gesach fan in minister - oan te rinnen. In professor yn mikro-organismen hat faaks amper rekkenjen leard, lit stean de wearde fan kultuer en minsklike emoasjes leard yn te skatten. Dy ha troch de ieuwen hinne stâl krigen en bin benammen foar ús provinsje fan ûnskatbere wearde.

Boppedat is jild besparjen troch gearfoeging alinne yn technyske produksjeprosessen te ferwach-tsjen. Yn de measte oare gefallen is it in illúzje. De erfaring bij de wet-terskippen hat my leard dat bij eltse fúzje de kosten helte heger wurde en de demokratyske ynbring helte lytser. Om de wearde fan ús unike kultuer te bewarjen en be-nutte te kinnen moat wy oppasse net de dupe te wurden fan politike kretology oer besunigingen, wer-oan ek noch eltse goeie ûnderbou-wing ûntbrekt. Wy moatte gjin streep mear fan ús dochs al behein-de selsstannigens priis jaan.

N. Osinga. Dronryp